

# ERSKYNT FJOUWER KEAR YN 'T JIER

35 ste jiergong

nûmer 1

novimber 2013

**Einredaksje:** Stoffel Bouma en Alie Cnossen

Stoffel Bouma, Skoallestrjitte 42, 8734 GN Easterein

Till. 0515-331762. mail: [stoffelbouma@hetnet.nl](mailto:stoffelbouma@hetnet.nl)

Alie Cnossen, Hoytemdyk 16, 8614 AR Aldegea SWF

Till. 06 – 24 62 89 86 mail: [aliecnossen84@hotmail.com](mailto:aliecnossen84@hotmail.com)

**Lêzersjild:** fergees foar leden fan it Dambûn Frysk Spul.  
€ 17,50 foar oaren (ynkl. porto)

Betelling en administraasje:

Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert

Rabobank nûmer 34.95.02.072 as Postbank nûmer 2280300 ûnder fermelding fan: Bûnsblêd + jiergong

It Dambûn Frysk Spul is oprjochte yn 1932. Elts jier organisearret it Dambûn ferskate persoanlike kampioenskippen yn ferskate klassen en as ien fan de hichtepunten yn it seizoen, de klupkampioenskippen yn Easterein op de twadde as tredde sneon fan jannewaris.

**Bestjoer.**

- Foarsitter: Siebe Walinga, Hagenadyk 218614 AC Aldegea SWF  
[swalinga.baard@hetnet.nl](mailto:swalinga.baard@hetnet.nl) 0515-469642
- Skriuwer: Siebren Dyk, Sluytermanwei 12-14 9023 AB Jorwert.  
[siebrendyk@gmail.nl](mailto:siebrendyk@gmail.nl) 058-2519992
- Ponghâlder: Piet Sikma, Kleasterwei 16, 8741 KB Hartwert.  
[p.sikma@hetnet.nl](mailto:p.sikma@hetnet.nl) 0515-569561
- Algemen: Johannes Hoekstra, Reafinne 1, 8614 AH Aldegea SWF  
[j.hoekstra99@home.nl](mailto:j.hoekstra99@home.nl) 0515-469886
- Jongerein: Jappie de Jong, Vitusdyk 10, 8615 LN Blauhûs,  
[jensdejong@hetnet.nl](mailto:jensdejong@hetnet.nl) 0515-579899



Dambûn Frysk Spul

# Wedstriidlist Dambûn Frysk Spul 2013/2014

[ferzje 11-11-2013]

freed 25 oktober	Sânfurd, 12 <sup>e</sup> 'Iepen Kampioenskip fan Sânfurd', Switsersk systeem, 6 omlopen	Kampearuorkerij Ykema oanfang 20.00 oere, opjaan foarôf net nedich, wol mooglik fia 0515-424517	<b>z</b>
tiisdei 5 en 12 novimber	Jorwert, Iepen Kampioenskip fan Littenseradiel Elk kin meidwaan. ¾ oere op de klok.	Opjaan by Willem Dijkstra 06-28655441 oanfang 19.30 oere	<b>z</b>
sneon 16 novimber	Bûnswedstryd jeugd, pupillen en junioren Aldegea	Oanfang 13.30; opjaan by Jappie de Jong, sjoch ûnder	
freed 22 novimber	Jorwert. Mini-klup-fluch-dam-kampioenskippen foar fjouwertallen. 15 minuten op de klok	Opjaan foar 21.00 op woansdei 20 novimber by W.Dijkstra 06-28655441. Kafee 'Wapen van Baarderadeel'; oanfang 19.30	
tiisdei 26 novimber	Aldereinpartij yn it Teatskehûs 55+ Oanfang 14.00	Opjaan by Jappie de Jong foar moandei 26 novimber 19.00 tel. 0515-579899	
freed 13 desimber	Skearnegoutum doarpshûs Elim 19.00 oere 'stryk ta' wedstryd	Opjaan tongersdei 12 des. 19.30-21.00 by Y.Boelens 0518-415795 of via meel <a href="mailto:twilling@kpnplanet.nl">twilling@kpnplanet.nl</a>	<b>z</b>
sneon 14 desimber	Foarronde pers. kampioenskip jeugd en pupillen Lollum	Oanfang 13.30 oere opjaan by Jappie de Jong	
sneon 28 desimber	Kampioenskippen 1e-2e-3e klasse en frouljuskampioenskippen (opset wurdt noch bekend makke). Foar Eareklasse en Haad A: âlderwetske damdei mei oardel oere op 'e klok	Opjaan foar 27 desimber 19:00 oere by Siebe Walinga <a href="mailto:info@siebewalinga.nl">info@siebewalinga.nl</a> Doarpshûs It Joo, Aldegea; oanfang foar alle klassen 10:00 oere	<b>z</b>
sneon 4 jannewaris	Hartwert 'It Terphûs' Oanfang 10.00 oere	Opj. by Klaas Abma 0515-569747 <a href="mailto:damclubhartwert@live.nl">damclubhartwert@live.nl</a>	<b>z</b>
sneon 18 jannewaris	Easterein klupkampioenskippen Kafee Bergsma, 9.30 oere	Opj. foar 16 jan. by Johannes Hoekstra 0515-469886	
freed 24 jannewaris	Blauhûs 'stryk ta'-wedstryd Oanfang 19.00 yn Klubhûs Sie Sa	Opj. tongersdei 23-01 fan 19.00 – 21.00 by B. Kroon 06-22684264 of oer email <a href="mailto:b.h.kroon@hotmail.com">b.h.kroon@hotmail.com</a>	<b>z</b>


sneon 25 jannewaris	Klupkampioenskip jeugd en pupillen; 13.30 Blauhûs	Opjaan by Jappie de Jong	
sneon 1 febrewaris	Earste en twadde ronde Persoanlike Kampioenskippen earste dei Haadklasse Skearnegoutum: Elim	Hoofdklasse A opjaan by : Johannes Hoekstra 0515-469886 Foar freed 31-01	
tiisdei 4 febrewaris	Tredde ronde Pers. Kamp Jorwert	Wapen van Baarderadeel 058-2159223 Oanfang 19.30	
sneon 8 febrewaris	Fjirde en fyfde ronde Pers. Kamp. Yn 'e Gaastmar	Oanfang 10.00 oere	
sneon 15 febrewaris	Finale pers. kampioenskippen ek HA, yn Lollum, doarpshûs	Oanfang 10.00 oere	<b>Z</b>
sneon 22 febrewaris	Foarronde pers. kampioenskip jeugd en pupillen	Blauhûs, oanfang 13.30 ynformaasje by Jappie de Jong	
freed 7 maart	Fluchdamkampioenskip neffens Switsersk systeem	Opjaan net nedich 19.30 doarshûs it Joo Aldegea	<b>z</b>
sneon 15 maart	Finale jeugd en pupillen	Aldegea, oanfang 13:30 Ynformaasje Jappie de Jong	
tiisdeitejûnen 11 en 18 maart	Lollum, 'It Rûge Boerd' hoofd A Doarpshûs Nije Haven, Lollum Pleatsing finale grutmastertoernoi	Opjaan op 0517-469245 Westra of 06-34561133 Walinga. Oanfang 20.00 oere	<b>Z</b>
15 april	Aldereinparty yn Blauhûs Teatskehûs	Opjaan by Jappie de Jong tel 0515-579899	
earne yn april	grutmastertoernoi Lollum	yn stedhûs Frjentsjer	
11 april	Barbeque 20.00 yn Blauhûs	Opjaan by Jappie de Jong	

Ha jo noch fragen? Belje Johannes Hoekstra 9 (0515-469886) of meel him [j.hoekstra99@home.nl](mailto:j.hoekstra99@home.nl)

Opjaan wedstriden jeugd, junioaren en pupillen by Jappie de Jong (0515-579899)

**Z : docht mei foar de Zilwo Beker**

**sjoch ek op [www.friesdammen.nl](http://www.friesdammen.nl)**



## Tjalling Goedemoed – Ynte Dijkstra

Ynte had in het middenspel het betere van het spel gekregen. Net toen ik meende terug te komen in de strijd – mijn laatste zet was 40-35? – verraste Ynte mij met een leuke combinatie, waarbij 3 keer op rij sprake is van slagkeus.

### 1... 19-24! 2.30x19

De andere slag leidt tot dam voor zwart op veld 49.

### 2... 22-28! 2.38x18

De andere slag leidt tot dam voor zwart op veld 49.

### 2... 9-13 3.18x9

Het maakt niet uit hoe wit slaat.

### 3... 3x43

Na 1... 19-24 zei ik "Dat hasto moai sjoen!" en feliciteerde mijn tegenstander met de overwinning.

*Tjalling Goedemoed*


Sjoerd Jan Bakker en Jelle Wiersma spylje elk seizoen wol in pear kear tsjin elkoar. Is it net op de klup dan is it wol op de kampioenskippen.

Disse kear troffen se elkoar op de klup. Sjoerd Jan spyle mei wyt en it waard in prachtig spul.


**1.32-27 20-25 2.31-26 14-20 3.37-31 17\*37 4.41\*32 12-17** Dit spylet Jelle wol faker. **5.47-41 10-14 6.32-27 17\*37 7.41\*32 18-22** 11-17 kin hjir lyke goed. **8.32\*12 08\*17 9.42-37 05-10 10.37-32 02-08 11.32-27 17\*37 12.31\*42 07-12 13.42-37 19-24 ?** Jelle hie de damset fia 35-30, 24\*35, 34-30, 25\*41,45\*5 wol sjoen mar kin sels dan ek in daam strike 41-47 en seach wol foardiel. Mar as Sjoerd Jan 35-30 spylet en dan earst 37-31 dan kin Jelle de damset fia 34-30 net foarkomme. Fia 16-21, 26\*17, 12\*41, 36\*47, 11-16, 34-30, 25\*32, 45\*5, 13-18, 38\*27, 9-13, 39-33, 4-9, 5\*2, 1\*3 kin wurd it wer gelyk mar wyt stiet dan folle better. **14.37-32 24-29 15.34\*23 16-21 16.26\*17 11\*24 17.40-34 12-17**

**18.35-30 20\*29 19.39\*30 25\*34**

**20.33\*35 06-11** en Sjoerd Jan is der moai utkommen. Skiiven 32 en 28 stean wat yn it midden mar fierder is der neat mear oan de han. **21.35-30 15-20 22.43-39 20\*40 23.44\*35 11-16 24.39-34 16-21** Jelle kriget der wer in oanfal yn fia 21-26 mar dat is te pareren troch Sjoerd Jan. **25.32-28 01-06 26.49-44 13-18 27.44-40** mei de folgende stân




Sjoerd Jan ferdidigt noch steeds knap. Jelle kin no ôfruille fia 21-26, 36\*16, 6\*26 en dan die hoek oanfalle. Mar Jelle spylet. **27. ... 14-20 28.35-30 ?** No sjocht Jelle skiifwinst oer de holle. 18-22 en 38-33 kin net fanwege 10-14. Jelle tocht dat disse set net koe fanwege 30-25 mar dan slacht Jelle dit hout gewoan mei fia 22\*33\*35\*15 yn plak fan \*44 ! **28. ... 20-25 29.28-23** ferplicht **18\*29 30.30\*28 08-13 31.40-35** achterstrike kin net, mar dit kear al. Swart hat ferskillende setten mar wol einliks net ôfruilje. **31. ... 10-15 32.48-42 13-19 33.34-30 25\*34 34.35\*33 15-20 35.42-37 06-11** Jelle wie fan doel om 20-24 te spylje mei wer in oanfal op de houten fan wyt mar Sjoerd Jan hat in blyn setsje deryn want fia 33-29, 24\*31 (trije houten), 36\*20 komt der ien skiif foar. **36.33-29 19\*39 37.38\*40 11-16** en de partij komt tot rêst en rint nei it einspûl. **38.37-31 21\*41 39.36\*47 20-24 40.46-41 03-08**



Jelle hat yn it midenspul in soad tiid brûkt om Sjoerd Jan it fjoer ..... It is net slagge om foardiel te beheljen en Jelle hat noch mar 5 minuten foar it einspûl. Dertroch docht der net altyd lyke sterke setten. It ferfolg : **41.40-34 24\*44 42.45\*43** Swart doart net 9-13 om ûnder hout 23 te krûpen fanwege 28-23, 13\*33, 43\*23 mar swart kin dan achter skiif 23 krûpe fia 16-21 en dan

17-22. **42. ... 08-13 43.41-37 16-21** is net goed want swart kin no net mear 13-19 spylje. **44.43-39 04-10 45.39-34 13-18 46.28\*08 09\*07 47.34-29 07-12 48.50-44 12-18** de leste setten binnen sterk fan wyt. Sjoerd Jan jout Jelle weinig kâns.



**49.44-40 ?** Foar de hân lizzend is 29-24, swart moat dan 17-22, 44-39, 18-23, 37-32!, 22\*42, 24\*22, 21\*23, 47\*38 en swart hat ut dan noch lestich om kamp te hel-jen. **49. ... 10-14 50.40-35 14-20 ?**


Folle better is 21-27, 35-30, 18-22 ! 30-25 kin dan net want dan komt 14-20 en dan 27-21, oare setten binne ek net

goed en swart hie dan it punt yn de busse. **51.37-32 18-22 52.32\*12 17\*08 53.29-23 21-27 54.23-19 20\*18 55.35-30 18-23** Misskien wie 27-32 wol better, 47-42 is dan ferplicht en fia 8-13, 42\*22, 18\*27, 30-24, 27-32, 24-20, 32-37, 20-15, 37-41, 15-10 en dan hie wyt noch in kluif hân om skiif 13 te kearen. **56.30-25 23-29 57.25-20 29-34 58.20-14 34-40 59.14-10 40-45 60.10-05**

Better is hjir 10-4. Nei 27-32 komt dan 47-42, 45-50, 42\*22, 50\*? Kamp Of 45-50, 4\*31, 50\*46 en it is kamp. No moat wyt noch fol oan de bak. **60. ... 45-50 61.47-42 50-06 62.42-38 08-12?** Folle better is 8-13 want no kin Sjoerd Jan beide houten op slag setten en wurd it kamp. Nei 8-13 sil swart it winne mar de fraach is of Jelle hjir noch genoch tiid foar hie.

**63.05-32 27-31 64.32\*02 06-17 65.02-07 17-06** en mei 8 sekonden frege Jelle om kamp oan Sjoerd Jan en Sjoerd wie sa goed om it oan te nimmen. Better wie om op de 64<sup>e</sup> set 31-37, 38\*36, 6\*46 te spyljen dan wie it direkt kamp. In moai spul mei alles dérop en deroan.

It 1<sup>e</sup> stântsje is út de partij fan Bauke de Boer (wyt) en Hennie de Haan (swart).




It ferrin fan de partij wie as folgt.

.1. ... 7-11 2. 33-29 4-10 3. 29-24  
 10-15 4.31-27 17\*37 5. 36\*38  
 16\*36 6.46\*26 11-16 7.26-21  
 16\*27 8.24-19 hoewol De Boer ek  
 in daam helleet, sil hy toch de partij  
 ferlieze. Hennie fûn it wol dreech  
 om it spul út it te meitsjen mar it  
 slagge har wol. Hie De Boer ek  
 wat oars kinnen? Op de 4<sup>e</sup> set hy  
 De Boer ek 46-41 spylje kinnen.

Hennie moat dan oerders ôfrûlje. 17-21, 26\*17, 18\*16 en dit liket dan kamp te wurden mar dan moat Hennie it al goed dwaan.

Hie Hennie dan earder noch wat oars kinnen. Ja, yn de partijstân hie Hennie 4-9 of 10 spylje moatten. Dêrtroch




kin Hennie plak 14 besette en De Boer net plak 24. De beste set is dan 33-28. 33-29 sil ferliese want nei 9-14 hat wyt noch in pear setten en komt oan. Dus 33-28 is better mar troch de ôfrûl 17-22, 28\*17, 16\*18 hat swart alle romte en tiid om in daam te heljen. Sa sjoch je mar wer, it kin altyd oars. It twadde stântsje is út de partij fan



Ynte Dijkstra (wyt) en Ype Boelens (swart).

Ype is oan set en sjocht de driging 37-32, 27\*38, 36-31, 26\*37, 47\*7 wol mar fynt dit net erg want dan hat hy sels ek in daam fia 38-42 en fierder. Ype spylet **14-19**, Ynte sjocht gjin foardiel yn neamde ôfruil en spylet **30-24, 19\*30, 35\*24**. Neamde driging sit der noch steeds yn en wer fynt Ype dit net erg en spylet **4-9**. Ynte makket no fan de gelegenheid gebrûk en pakt in daam fia **37-31, 27\*38, 24-20, 15\*24, 44-39, 38\*40, 45\*3**. Mar Ynte kin der net lang fan genietsje want nei **5-10, 3\*31, 26\*17** is hy de daam wer kwyt en stiet it gelyk.


It stiet er dan sa op. En wat doch je dan ?



Ynte spylet **36-31**. Ype sjocht winstkânsen en spylet **17-22**. Hjirtroch komt skiif 16 allinnich te stean en kin Ynte disse oanfalle. **17-21, 31\*11, 16\*7** is better want dan is it altiid kamp. Ynte falt net skiif 16 oan mar ruilet direkt ôf fia **31-26, 16\*36, 46\*26** en it wurd kamp. Hie Ynte it better dwaan kinnen ?


Misskien wol. Fia 47-41, 22-28, 41-36, 28-33, 31-26, 16-21, 26\*17 en it liket derop dat wyt dit winne sil mar moat der noch wol foar switte. Je moatte tot it ein skerp bliuwe.

It tredde stântsje is út de partij fan Ype Boelens (wyt) en Tjalling Goedemoed (swart).



Tjalling is yn it begin fan de partij en in houtsjje foar kommen. Mar Ype kryt de houtjes goed op it boerd en wer in bytsje hoop. Foar de hân lizzend is 27-21, 16\*27, 37\*9, 14\*23, 30-24!, 23-29 de beste, 24\*33 en it stiet gelyk en wyt hat wer kansen. It ferfolg kin dan weze 10-14, 33-29 mei de mooglikheid foar de ôfruil 29-24, 14\*34, 35\*33 en kâns op kamp.

Mar Ype spylet **37-31** om skiif 16 oan te fallen. As Tjalling 13-19 spylet dan is it gebeurd want wat Ype ek docht, de wat blyne driging 10-15, 25\*23!! sil de nekslag weze. Mar Tjalling hat ek in moaie ferdigening fia **3-9, 47-41, 18-22, 27\*18, 13\*22, 41-36, 22-27 !!, 31\*22, 22-18 !!** Ype hat neat oars dan **22-18, 8\*28, 30-24, 14\*34, 35\*22, 21\*23** en Tjalling stiet wer in hout foar en sil it net mear ut hannen jaan.



It leste stântsje is út de partij tusken Bauke Bos (wyt) en Bauke Boelens (swart). Bauke de Boer hat in skiif mear en stiet ek noch moai.

It ferrin fan de partij wie als folgt.



**1. ... 41-46 2. 7-1 46-14 3.1-18 14-25 4.18-1 ? 24-29** en swart wint.

Op de 4e set hie wyt ek net folle mear. 18-36 liket noch te kinnen mar dan wint

swart hiel moai fia 24-30, 40\*20, 25\*9, 36\*4, 5\*3 !

Op de twadde set hie Bauke Bos ek 7-2 spylje kinnen. 24-29 is dan ferplicht (oars is direkt kamp). 2-35 en swart kin net fierder mei skiif 29 en kin de âfruil 40-34 ek net ferdigje en dertroch wurd it heech warskynlik kamp.

Yn de earste omlopen fan de klupkompetysje kamen der al wer aardige slachsetten, loopkes en einspullen op de buorden. Sa stie it yn de partij tusken Willem Hoekstra (wyt) en Gerrit Schilstra.



3.50-44(a), 49-44(b) en 42-37(c)

ferliest troch

3. ...25-30 etc.

Nei 3.40-34(d)? folget 3. ...19-23

4.28x19 13x44 4.49x40 25-30

5.35x24 20x47

Schilstra sloech yn it gat troch

1. ...19-23 2.28x19 13x44, mar ferlear troch 2.40-34! 44x24 35-30! 25x32 3.42x4

Folle better is 1. ...19-24 2.34x14 10x19

3.39-34(e) liket better, mar nei 3. ...1-7


4.46-41 6-11! 5.26x6 19-24 6.34x14 13-19

7.14x23 18x27 8.31x22 17x26 en dy slach komt ek nei 4.50-44 en nei 4.49-44 7-11 komt wyt der net mear goed út.

3.46-41(f) 17-21 4.31x11 1x21  
 5.26x17 12x21 4.36-31 25-30 as  
 4.42-37 25-30 en wyt komt efter.

3.31-27(g) 17x37 4.42x31 12-17 en  
 wyt kin net strike oan de rjochterkant,  
 bygelyks 5.33-29 17-21 6.26x17 25-  
 30 7.35x24 19x30 8.17x19 13x22  
 mar 5.48-42 ferliest troch 6-11 en 25-  
 30 dan bliuwt ien set oer 5.28-22  
 17x28 6.33x22 18x27 en wyt komt  
 efter.



1.25-20 14x25 2.35x15 18-23  
 3.45-40  
 23-29 4.41-37 27x47 5.46x48 17-21



As lêste soe noch kinne 3.28-22(h)  
 12x34 4.39x10 5x14 en swart stiet  
 foar.


Meike van der Meer hie mei wyt  
 Sjoerd Couperus en goed partij jûn.  
 Mar hie al te lang de kant hâlden.

6.40-35 is misskien better, dat sille  
 we aans sjen. It partijferrin wie **6.48-  
 42 1-6 7.42-37 21-26 8.36x16 6x26  
 9.40-35 29-33 10.35-30 33-39 11.30-  
 24 39-44 12.24-19 44-50 (44-49? om  
 15-10!) 13.19-14 4x24 14.15-10 50-  
 28 15.10-4**




Wyt hellet noch in daam, mar it is út nei **15. ...28x41 16.4x34 41-32 17.34x31 26x37**

Werom nei de seisde set. Dan hie folgje kind **6.40-35 1-6 7.35-30 29-33 8.48-43 33-39 9.43x34 6-11 10.30-24 11-16 12.24-19 21-26 13.36-31 26x37 13.19-13 37-41 14.13-9 4x13 15.15-10 41-46 16.10-4 13-19 17.4-31**



Kin wyt dit winne?


17. ...46-23 18.31-9 23x45 19.9x49 is kamp. En is dat ek sa nei 17. ...46-41 18.31-36 41-23 19.36x6 23x45 as 17. ...46-28 18.31-36 28-50 19.36x6 19-23 20.34-30 50x20 21.6-50?



Foar it einspul hiene Siebe Walinga (wyt) en Henk Haanstra noch mar in pear minuten. Der folge **1.40-34 22-28 2.34-30 20x40 3.35x44** Nei 50x30 hie swart gau neat mear te fertellen hawn. **35. ...19-23 4.36-31 6-11 5.44-40 23-29 6.50-45 14-20 7.25x14 4x24 8.47-42 5-10 9.40-35 12-17 10.42-37 17-22 11.37-32**

Wyt wint nei 26-21 11. ...**22x42 12.48x37 28-33 13.26-21 11-16 14.35-30! 16x38 15.30x48** en wyt wint.

At swart 12. ...29-33 spile hie dan stie it




Misskien kin swart wol twa dammen krije, mar de twa wite skiven op de fjilden 35 en 45 steane sterk.

In mooglik ferfolch is 16. ...33-39 17.13-9 38-43 18.9-3 39-44 19.45-40 44-50 20.3-25 50x10 21.25x48 mei kamp.

*Folkert Groenveld*

13.31-27 (in ferplichte set) 11-16 (wat oars?) 14.27x20 16x38 15.20-15 10-14 16.15x13

Sawol foar wyt as swart is dit in ferplicht ferrin fan dizze fariant.



**Hartwert.** Moandeitejûn wie de slotjûn fan ús damklup en mei dy oere derby krije de dammers it gefoel dat hja yn de simmer damme en dat binne wy net gewoan. Dochs is it wol gewoan dat guon it in bytsje Sinteklaas jûn gefoel krigen want op de slotjûn nimt elke dammers wat mei foar de ferlotting dy de hiele jûn, de mannen yn spanning hâld want wat krije wy wer mei nei hûs?

De flessen (fris, bier, wyn, ensf), sokken, drop, kofje, sûkelarje, potten as yn blikte grienten en fruit, koeke, potten, pannen en gean sa mar troch (in lytse buurtsúper is der neat by,) giene de hiele jûn troch lotterijen fan de iene plastyk pûde nei in oare hâlder fan in pûde. Der wie ien, Jesse, dy hie net safolle gelok want hy krige elke kear neat en guon twifelen oft syn nûmer der wol yn siet en as alderlêste kaam hy út de trommel en dat wachtsjen die fertúten want hy krigen in dikke taart mei nei hûs.

As earste waard der fansels damd om droege woarsten fan in kleasterwei boer. Elk krige tsien minuten op de klok mar krigen mar fiif houtsjes op it boerd (ûnderste rige)! Guon hiene hjir wol in taktyk yn mar de measten diene samar wat en sjogge wol wêr it skip fêstrint. In frjemde dammerij mei in berch wille. Der wiene ek twa riedspultsjes want foar hoefolle kilo fleis hie it bestjoer ynkocht foar de prizen en hoefolle kilometer dogge al de dammers dy de kompetysje damme, deroer om in inkele reis nei it lokaal ta te kommen?

Klaas Oosterhof wie it tichtst by de 8.394 gram en Jan Bouma krige de oare priis mei de 193 kilometer. Ek waarden de kompetysjeprizen sa tusken troch útrikt en dêr wie mar ien grutte ferrassing want de kampioenspriis fan de damklup koe foar it earst yn it bestean fan de klup, net útdield wurde. Normaal sprutsen wûn Taeke dy altyd as fier foar it ein fan de kompetysje,

mar it binne no Tjerk en Stoffel dy dêr jitrīs om damme moatte want de earste beslissingswedstriid eindige yn remize en dus wurd der nije wike jitrīs damd yn it lokaal. Oan it ein fan de jûn wurd alles wat der noch stiet fan fûgelhûskes, droege woasten, sûkerbofferts, stikken spek, taarten, fioeltsjes, ensfh. per opbod oan de man brocht troch Germ om sa de klup wer lyk draaie te litten. De klok sloech al net sa faak mear en sa waard it tiid om nei hûs te gear.

**H.A.:** Kampioenen Tjerk Wijbinga as Stoffel Bouma mei 29 punten út 17

3. Taeke Kooistra 27
4. Hein de Vries 20
5. Germ Terpstra 16
6. Sjouke de Boer 10

**H.B.**

1. Fedde Wiersma 22.5
2. Jan Bouma 19
3. Sjoerd T Kooistra 17
4. Jesse J Boschma 14
5. Klaas Abma 13.5
6. Germ Bruinsma 12.5
7. Klaas Wiersma 12

**Earste klasse:**

1. Harmen Westra 22.5
2. Ygram Wijbinga 21.5
3. Piet Sikma 20
4. Auke Boschma 15.5
5. Ids Boersma 15
6. Thom Vellenga 6

**Twadde/tredde klasse:**

1. Douwe Namminga 21.5
2. Herman TW Scheltinga 17.5
3. Jacob B Greidanus 12
4. Siebe Elzinga 12
5. Klaas Oosterhof 6.5
6. Anne de Boer 6



**Hartwert.** It bestjoer fan de damklup hie it lokaal nochris foar ien moandeitejûn ôfhierd want der soe en moast in klupkampioen bekend wurde. It hiele lokaal wie ûntromme en yn it midden stiene twa stuollen en ien tafel en dêrop lei in damboerd mei houtsjes en in klok want Tjerk en Stoffel moasten yn it midden sitte. Der wie súver in sfear fan Ajax-Feyenoord want oan de kanten stiene de banken wêr de gasten sjen koene wat der yn de dam Arena/Kuip op it boerd allegearre barde. Omstanners koene it net fan in oare damjûn ûnderskiede want safolle dammers wiene der op ôfkommen. Sels it haadbestjoer fan It Dambûn wiene oanwêzich. It wie Tjerk, Tjerk en nochris Tjerk dy folle, folle better út de iepening kaam en syn tsjinstanner finaal ûnder druk sette. Stoffel hie súver hannen, fuotten en harsens tekoart want hoe koe hy him hjir útrêde. Op de tribunes mocht eins neat sein wurde want hhhmmmm is al te folle mar guon besochten wat te flústerjen mar dat like mear op lûdop praten.

Wat stiet Stoffel der min op net, kin Tjerk de hân wol jaan, dit kin nea goed komme, soe hyborreltiid (tsien oere) wol helje en sa flústerjen hja troch. It kin wêze dat it troch de kofje kaam dat Stoffel der elke kear wer út kaam want it leppeltsje bleau hast rjocht op stean yn it kopke, sa sterk wie de kofje en miskien gie dêrtroch de masine by Jerk yn ienen wat te haperjen. Dy moast sels syn eigen machtige spul wat ôfbrekke want it gie op nei it einspul. Stoffel hie de hiele jûn al rûzje mei de klok mar it die him deugd dat ek Tjerk syn klok troch tikke en hy moast der ek noch om tinke want beide hiene noch in lytse fiif minuten op de klok en dan kin men it somtiden net sa fluch mear berekkenje en moat it wol ris op 't gefoel. Op it lêst kaam Tjerk oan en moast offerje en doe wie eins de partij út. Stoffel soe foar de twadde kear yn syn karriêre kampioen fan Hartwert wurde en in dik fertsjinne twadde plak foar Tjerk dus.

**Frjentsjer.** De organisaasje fan dizze partij is al jierren yn hannen fan de damklup “De Rûge Wolf” út Lollum/Waaksens en dit jier giet yn de boeken as meast spektakulêre damtoernoai ea plakfûn yn Fryslân en dat barde allegearre yn it âlde Gemeentetehús. It gie dit jier net allinne mar om de grutmasters fan it Fryske Damjen mar ek om de deselde titel by it froulju’s en de titel fan in toernoai wêr elke dammer fiif tsjin fiif damd. Wat dizze dei sa spesjaal makke wiene de gasten dy wol ferskuorrends damje kinne mar allegearre yn in oare dissipline mar sneon Frysk damje moasten.

Leapold Sekongo út Ivoorkust, Hans Janssen trije kear kampioen Hollânsk damjen, Michele Borghetti wrâldkampioen blind-checkers-damjen út Itaalje en Anatoli Gantvarg mearfâldich wrâldkampioen út Ruslân, wiene de spesjale gasten. Hja wiene al in dei yn Frjentsjer om hjir ek wat kultuer te priuwen fan Fryslân en sa ha Marten Walinga en Liuwe Westra harren oeral mei hinne naam en fansels stie it damboerd moarns, middeis en de jûns op tafel want de slachsetten binne al wat oars as yn harren spul en moasten dêr al wat les yn ha want dat skean slaan sit der by harren allegearre wol yn mar dat men ek rjochtút en dwers slaan mei, dat is harren dreechste probleem. Hja moasten trije kear damje en wat dit oangiet wie de dei hast al slagge want der waard damd as wylden, fol konsintraasje, neat waard der mear sein, der waard ferkeard slein, setsjes oer de holle sjoen, wylde houtjes op it boerd mar lokkich spilen hja net mei it mes op ‘e tafel want somtiden moast de tsjinstanner efkes fertelle hoe der slein wurde moast. Nei in wedstriid koene hja in lytse analyse krije fan Folkert hoe it in bytsje oars kinnen hie mar de mannen damden de partij yn twa tellen nei en sûnder it bijhâlden fan de notaasje papieren. It wie úteinlik Boghetti dy al syn trije partijen wist te winnen.

**Frjentsjer.** De meast konstante dammer dit jier is Jelle Wiersma want hy behearsket úteinlik al de farianten fan it Fryske damjen. Syn basis fan de teory is optimaal, hy kin ferskuerrens rekkenje yn it middenspul, behearsket it einspul as gjin oaren en doard de meast frjemde spullen op it boerd te toverjen. Dus dizze Wommelser waard grutmester mei 2.5 punten. Taeke Kooistra waard twadde en damde ek poer bêst en gie de striid betiden ek net út 'e wei (2), Foeke Tiemensma tredde mei 1.5 en as lêste eindige Marten Walinga (ek drok yn de organisaasje) waard lêste mei 0 punten. De titel by de froulju (der diene fiif oan mei) gie nei Hennie de Haan want hja fersloech yn in ekstra partij (lyk einige) Hotske Walinga en tredde waard Tineke Brander. Yn it einspultoernoai, wêr elke dammer fiif houtsjes op de ûnderste rige krigen, kaam Folkert Groenveld (fan de achttjin dielnimmers) der as sterkste út. Tegearre mei Tjerk Wijbinga eindigen hja as heechste en de ekstra partij moast dus de trochslach jaan.



Bouwer app Fries dammen te gast yn Lollum.

Sûnt koart is der in APP beskikber foar it damjen neffens de Fryske regels: fries dammen. De app is no fjouwer wike beskikber yn de app store, fergees.

Yn it Frysk Museum is de app in wike lang demonstrearre oan skoalbern, jeugd en folwoeksenen. Yn totaal hawwe mear as 800 minsken doe it Fryske damjen leard. Ta ferliking: op dit stuit wurdt de sport mar troch in lytse 300 minsken beoefene. Mei de app is it net langer nedich om lid te wurden fan in klub: jo kinne oeral Frysk damje, itsij tegearre, itsij allinnich tsjin de kompjûter.

Marcel Nijman, berne yn Soest, wenjend en wurkjend yn Brno (Tsjechië), hat de app ûntwurpen. Nijman wie tongersdei 31 oktober te gast by in tsiental Fryske dammers fan ferskillende klubs, dy't byinoar kommen wiene yn Lollum. Nijman krige sa foar it earst fan de brûkers fan de app feedback oer syn produkt. Nijman is bekend wurden as bouwer fan ien fan de bêst ferkeapjende app's op it gebiet fan it skaken.

It Fryske damjen is sa'n 450 jier âld, en stiet oan de widze fan it hjoeddeiske ynternasjonale spul, dat in 300 jier âld is. It ynternasjonale spul sit yn in ympasse, omdat by in partij op nivo de útslach faak remize is. It Fryske damjen biedt dêr in oplossing foar, omdat der mei de Fryske spulregels hast noait remizes plakfine. It Dambûn Frysk Spul en Damklub De Rûge Wolf te Lollum-Waaksens besykje mei de app in brede basis te lizzen foar de ynternasjonale beoefening fan it Fryske spul, en in trochstart fan de damsport yn it algemien.

By de foto: 8 dammers oan it iPad-damjen. Op 'e eftergrûn (steand) Marcel Nijman. Op 'e foargrûn Siebren Dyk, skriuwer fan it Dambûn Frysk Spul.



**Foar mear ynformaasje:**

Liuwe Westra, 0517-469245, [liuwe.westra@mensa.nl](mailto:liuwe.westra@mensa.nl)

(De Rûge Wolf)

Marten Walinga, 06-34561133, [martenwalinga@hotmail.com](mailto:martenwalinga@hotmail.com)

(De Rûge Wolf, hjoed gasthear fan Marcel Nijman)

Siebe Walinga, 06-22040886, [swalinga.baard@hetnet.nl](mailto:swalinga.baard@hetnet.nl)

(Foarsitter Dambûn Frysk Spul)

Marcel Nijman, [marcel@marcelnijman.eu](mailto:marcel@marcelnijman.eu)

(Bouwer app)

Op freedtejûn 22 novimber waard yn Jorwert wer it miniklupkampioenskip ferspild. Dat wie al wer foar de 25ste kear, in oanlieding foar makelderij Kaspers-Schingenga om in bakje kofje mei oranjekeok te sponsorjen. Dat gong der by de 28 dielnimmers wol yn. Der wiene dus sân ploegen op 'e boppeseal fan kafee "Het Wapen van Baarderadeel" presint, ien minder as ferline jier. Dat lei him benammen oan de Stadige Strikers. De Skearnegoutumers kamen ferline jier noch mei twa fjouwertallen nei Jorwert ta, mar koene no mar in healen leverje. Omdat Aldegea noch twa man oer hie, smiet dat in nij Frysk doarp op: Skearnegea.

Fanâlds wurdt der by it miniklupkampioenskip yn twa klassen damme. Aldegea hie ferline jier de B-klasse wûn, mar de ambysjes fan 'e klup rikten dúdlik noch heger. Mei Folkert Groenveld, Siebe Walinga, Henk Haanstra en Willem Hoekstra wie wol in útsûnderlik swierwichtich partoer ôffurdige. Dat die fertuten. Allinnich Lollum - mei Foeke Toemensma, Liuwe Westra, Sjouke Schilstra en Hylke Algra - koe by harren yn 'e buert komme. It kaam sa út dat dy beide ploegen yn 'e lêste omloop tsjin elkoar moasten, en doe bliek it ferskil wol hiel dúdlik: de Aldegeasters wûnen mei mar leafst 4-0! Aldegea wûn dus it toernoai, mar de folle winst hellen se aparternôch ek wer net. Tsjin Hartwert, oars degradearre nei de B-klasse, moasten se in lykspul tastean.

Omdat it om in fluchdamkampioenskip gong, en jo sa'n jûn ek wol in pear potsjes spylje wolle, hie wedstriidlieder Willem Dykstra in yngewikkeld systeem úttocht sadat ploegen út de A en de B-klasse soms ek tsjin elkoar moasten. Fierders hie elke omloop ien ploech frijôf, mar troch it spyltempo fan 15 minuten hoegde dat noait langer as in healoere te duorjen.

It fúzjedoarp Skearnegea wie, op grûn fan it kampioenskip ferline jier fan syn parsjele foargonger Skearnegoutum, yn 'e A-klasse pleatst. De Skearnegoutumers Dicky van der Meer en Bauke Dijkstra koene op dat nivo skoan meikomme, mar de Aldegeasters Durk Rypma en de noch jonge Lammert Stegenga hiene der klauwen oan. Skearnegea einige dan ek ûnderoan, mei in heal punt. Dat hellen se tsjin Jorwert I, dat him yn 'e A-klasse oars mei oardel punt ek net hiel oertsjûgjend yn 'e heechste klasse hanthavene.

Hoewol't de poerbêste prestaasje tsjin de lettere kampioen oars tinke lit, waard Hartwert gjin kampioen fan 'e B-klasse. Dy eare wie nammentlik weilein foar Blauhús, dat oan 'e ein krekt in heal puntsje mear helle hie. Jorwert II koe hjir dúdlik net meikomme, al joegen de mannen dêr wol in positive draai oan mei it sizzen dat se in soad byleard hiene. En Jorwerter Mathieu van den Bogaard wie sa grutsk as wat dat er good old Sjouke Schilstra ferslein hie!

#### Einstân A-klasse:

Aldegea	5-4,5
Lollum	5-3
Jorwert I	4-1,5
Skearnegea	4-0,5

#### Einstân B-klasse:

Blauhús	4-3
Hartwert	4-2,5
Jorwert II	4-0



Justerjûn wûn it earste fjouwertal fan ús klup de earste priis by it mini-klup-kampioenskip te Jorwert. Bygeand in pear foto's trochstjoerd fan Henk Haanstra. Durk Rypma en Lammert Stegenga damden mei twa Skearnegoutumers (Bauke Dijkstra en Dicky van der Meer) yn ien 4-tal, dat wienen moaie partijen.

